

Oan de fraksje fan de FNP  
t.o.f. dhr. W. Veenstra

Ljouwert, 13 septimber 2022

Ferstjoerd, **13 SEP. 2022**

Us skaaimerke : 02021970  
Ofd./Opjefte : Bestimming Fryslân  
Behannele : [REDACTED] (058) 292 59 25  
troch  
Jo skaaimerke : Skriftlike fragen d.d. tongersdei 18 augustus 2022 fan FNP  
Taheakke(n) :

Underwerp : Beäntwurdzjen skriftlike fragen oer ôfsluten Sintrale As fanwegen  
ûnderhâldswurk

Achte hear Veenstra,

Jo skriftlike fragen op grûn fan artikel 42 fan it Reglemint fan Oarder, ynkommen op  
tongersdei 18 augustus 2022, beäntwurdzje wy op 'e neikommende wize.

*Ynlieding:*

*De FNP hat begrepen dat der ûnderhâlds wurksumheden oan de Sintrale As pland binne. No  
blykt dat dizze wurksumheden op itselde stuit plakfine sille mei de "Admiraliteitsdagen" te  
Dokkum.*

*Fraach 1:*

*Is DS derfan op 'e hichte dat de provinsjale dyk N356 (de Sintrale As) yn it wykein fan 'e  
Admiraliteitsdagen jûns ôfsletten wurde sil?*

Antwurd fraach 1:

Ja, DS wie dêrfan op 'e hichte.

*Fraach 2:*

*Is it Kolleezje it mei de FNP iens dat soks foar grutte logistike problemen soargje kin, ek mei  
it each op 'e feiligens?*

Antwurd fraach 2:

Ja, dêr is DS it mei iens en dêrom is yn goed oerlis mei de oannimmer de perioade fan ôfsluten oanpast.

Mei de oannimmer is ôfpraat, dat fan moandei 5 septimber 06.00 oere ôf oant en mei woansdeitemoarn 7 septimber om 06.00 oere de Sintrale As alhielendal ôfsletten is foar it ferkear.

Oer dy oanpaste ôfslutingstiden en oare ynformaasje wat it wurk oanbelanget, is op freedtemiddei 19 augustus 2022 in parseberjocht útbrocht.

*Fraach 3:*

*Hat de Provinsje dat yn goed oerlis mei de oanbelangjende gemeente (NE-Fryslân) besletten, of wie de gemeente dêr hielendal net fan op 'e hichte?*

Antwurd fraach 3:

Yn in oerlis op 3 augustus 2022 is mei in amtner fan de gemeente Dantumadiel it útfieringsplan fan de wurksumheden bepraat. Yn dat plan is de earder foarstelde wykeinôfsluting fan 3 en 4 septimber 2022 opnommen. Yn dat oerlis is ôfpraat dat de gemeentlik amtner de beprate ynformaasje fierder yn syn organisaasje diele soe. Wy mienden dat de amtner it belang behertige fan sawol Dantumadiel as Noardeast-Fryslân, om't beide gemeenten ien mienskiplike amtlike organisaasje hawwe. Dêr is lykwols net eksplisyt oer praat.

De dielnimmers oan dat oerlis hawwe harren net realisearre dat yn it wykein fan 3 en 4 septimber de Admiraliteitsdagen yn Dokkum hâlde wurde en dêrom de konklúzje lutsen dat de troch de oannimmer foarstelde planning akseptabel wie.

*Fraach 4:*

*Hoe tinkt DS yn it lêste gefal dizze problemen foar te kommen?*

Antwurd fraach 4:

DS hat yn oerlis mei de oannimmer in oanpaste tiidsplenning ôfprate kinnen en dy ûnderwilens yn in parseberjocht fan 19 augustus publisearre. Dy tiidsplenning hâldt yn, dat it wurk op 5 septimber úteinset.

*Fraach 5:*

*En is DS ree om, as it nedich is, de wurksumheden te fersetten?*

Antwurd fraach 5:

Ja en dat is al feitlik ôfpraat. Wy ferwize nei de antwurden op 'e fragen 2 en 4.

*Fraach 6:*

*Is DS it mei de FNP iens dat dizze wurkwize gjin rjocht docht oan de posysje fan de gemeente?*

Antwurd op fraach 6:

Yn it amtlik oerlis fan 3 augustus 2022 mienden wy dat de oanbelangjende gemeentlik amtner it belang fan beide gemeenten (Dantumadiel en Noardeast Fryslân) behertige. Dat hawwe wy as provinsje net mear kontrolearre. Wol hawwe wy, nei't it probleem konstatearre is, daliks aksje ûndernommen en it probleem oplost (sjoch fraach 2), krekt omdat wy de posysje fan ús gemeenten wichtich fine.

Mei rju achtinge,

Deputearre Steaten fan Fryslân,

  
drs. A.A.M. Brok, foarsitter

A. Schepers, MSc, sekretaris